



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus.

Sacheüs Lukas 19, 1-10

Simon joech tegearre mei Daniël de kamielen wetter. “It hat hjoed waarm west”, sei Daniël. “Se moatte genôch drinken ha.”

Sara hie fan mem wat âlde bôle krige foar de kamielen.

“Daniël, wolsto ús anst nochris wat fan Jericho fertelle?” frege Simon.

“Jericho?” frege Daniël. “Dát is sa’n moaie stêd! Dêr steane tûzenen beammen en foaral palmbeammen.”

“Krekt as hjir?” frege Simon. Hy wiisde nei de palmbeammen dy’t om harren hinne stiene.

“Ja, en dan noch folle mear!”

Daniël gie tsjin ien fan de palmbeammen oansitten en sei: “Kom derby te sitten, dan sil ik jim fertelle fan dy tolgarder dy’t yn in figebeam klom. Dat barde dêr yn Jericho.”

Alle dagen siet Sacheüs, de tolgarder, op syn kantoar. Hy hie it drok. De minsken moasten him belesting betelje. Dat belestingjild wie foar de Romeinske keizer. Want dy wie de baas yn harren lân. Sacheüs rekkene presys út hoefolle jild oft de keizer ha moast.

Mar witte jim wat er noch mear die?

Hy frege de minsken mear jild ôf as nedich wie. Dat stuts er sels yn ’e bûse. Fan al dat rekkenjen wie er smoarryk wurden.

De minsken wisten wat Sacheüs by de ein hie. Se seine tsjininoar: “Dy Sacheüs is falsk!”

Op in dei siet er wer op syn kantoar te rekkenjen. Mar it wie allegear drokte om him hinne. Hy koe syn oandacht der net goed byhâlde. Hieltyd rekke er yn 'e war mei it tellen. Hy waard sa lilc as in seage en rôp: "Wat is dat hjir foar in gedoch?"

"Witte jo dan net dat Jezus yn Jericho oankommen is?" sei in man dy't by him oankloppe om belesting te beteljen.

"Jezus? Jezus fan Nazaret, bedoele jo?" frege Sacheüs. Hy koe it hast net leauwe. Fluch pakte er it jild byinoar en rûn nei bûten ta.

"Mei safolle leven om my hinne, kin ik dochs net wurkje", prottele er. "Moarn sjoch ik wol wer fierder."

Wylst Sacheüs de doar efter him yn 't slot luts, hearde er de minsken roppen: "Dêr komt Er oan!"

Se krongen en treauwen om mar foaroan stean te kinnen.

Omdat Sacheüs lyts wie, koe er neat sjen. Ynienen skeat him wat yn 't sin. In ein foar de optocht út klom er yn in figebeam. Dêr siet er moai tusken de blêden. Gjinien koe him sjen. Sa hie er it moaiste plakje fan allegearre.

Doe't Jezus ûnder de figebeam trochrûn, bleau Er ynienen stean. Hy seach omheech en rôp: "Sacheüs, kom gau nei ûnderen ta. Ik kom hjoed by dy te iten."

"By my?" frege Sacheüs. Hy koe it hast net leauwe.

In frou dy't it hearde, waard lilc en skold: "By dy tolgarder? Hy hâldt him net iens oan de regels fan de Tora."

Mar Jezus harke net nei har. Hy sei: "Tinksto dat ik dy net sjoch dêr boppe yn 'e beam, Sacheüs? Do hearst ek by My!"

Doe moast Sacheüs it wol leauwe. Hy fleach sa hurd as er koe nei hûs ta. "Wy moatte gau in lekker miel klearmeitsje", sei er tsjin 'e frou.

Tsjin harren bern sei er dat se allegearre meihelpe moasten. Sels helle er in kanne hearlike wyn út 'e kelder. En yn 'e tûn plôke er noch gau wat farske fruchten fan 'e beammen.

Doe stie Jezus by him foar de doar. "Fiel jo wolkom!", sei Sacheüs. "Myn frou kin goed itensiede."

It waard in gesellige boel. Sacheüs, syn frou en de bern sieten tusken de minsken yn. Der waard drok praat en lake.

Doe't it iten ôfrûn wie, kaam Sacheüs oerein. Hy seach Jezus oan en sei: "Ik bin sa bliid dat Jo by my kommen binne. Dat hie ik net ferwachte. De minsken hjir yn Jericho wolle neat mei my te krijen ha. En dat kin ik wól begripe. Mar ik sil der nó foar soargje dat dat feroaret. Moarn jou ik alle earne minsken genôch iten en drinken. En ik sil ek klean foar harren keapje. Ik beloof Jo dat ik de minsken dy't ik te folle sinten ôffrege ha, alles werom jaan sil. Mear as dat sels."

It bleau stil...

Jezus kaam ek oerein en sei: "Omdatsto minsken tekoart dien hast, wiest iensum, Sacheüs. Mar no hearst der wer by!"